

[0193] **DE FRYSKE NAMMEN FAN DE *LOTA LOTA*
EN DE *ZOARCES VIVIPARUS***

Hwa't de forklearringen by de wurden *ielkwab*, *kwab*, *kwabbe*, *kwabiel*, *pûdiel*, *pûtiel* en *snotproask* yn it wurdboek fan Waling Dykstra en yn it Frysk Wurdboek byinoarleit, moat hast wol tinke dat it hieltyd om deselde fisk giet. Mar dan strike Dykstra syn Latynske oantsjutting *gadus lota* by *ielkwab* en de Hollânske *soort zeevis* efter *pûtiel* yn it Frysk Wurdboek net meiïnoar. *Gadus lota* is in sa't it liket hwat forâldere fakterm by de biologen foar de oan de skylfisk en kabbeljau bisibbe *lota lota* of *lota vulgaris*, dat in *swietwetterfisk* is. De *zoarces viviparus* is in *sâltwetterfisk*.

Yn de Hollânske wurdboeken liket der ek bitizing to wêzen tusken de bineamingen, mar yn Fauna van Nederland X (Leiden 1941) wurdt goed ûnderskaet tusken de *lota lota*, dy't *kwabaal*, en de *zoarces viviparus*, dy't *puitaal* neamd wurdt (sj. de ss. 159 en 223). Der is, to sjen oan de biwiisplakken út it Ljouwerter wurdboekmateriael, dy't de hear H.S. Buwalda ús yn alle rynskens biskikte, gjin reden om foar it Frysk in minder krekte praktyk yn de wize fan bineamen oan to nimmen, dit yn tsjinstelling mei hwat de Encyclopedie van Friesland oanjowt by *kwabaal* en *puitaal*. Sa is it bygelyks dúdlik, dat Dokterom it yn De Jonkerboer (Ljouwerd 1858) op side 39 hat oer de swietwetterfisk, as er seit dat de ielkwab poasken fret, hwant dy binne yn sé net to finen. Waling Dykstra syn meidieling dat *ielkwab* en *kwabiel* nammen foar itselde beest binne rint lykop mei dy yn it WNT dat *kwabaal* en *aalkwab* wikselfoarmen binne. De namme *pûdiel* of *pûtiel*, Biltsk *puudaal*, stamt út oan sé lizzende kontreijen yn Fryslân: Alde Leije, Barradiel, It Bilt, Ferwert en Makkum. Hein Faber neamt him op side 102 yn Tusken sé en lân (Ljouwert 1949) yn ien sike mei de bot en de yn beide soarten wetter foarkommende iel. Hjir is dus sûnder mis de sâltwetterfisk bidoeld. De ielkwab soe yn Winsum *snotproask* hjitte, dat op it gehoar gâns wei hat fan `snotterige poask' ; dizze opjefte sil earst noch wol fan oaren bikrêftige wurde moatte, ear't er foar gong-en-geef Frysk forsliten wurde kin. To Earnewâld komt de koartere foarm *kwab* foar foar de ielkwab. Yn de Dongeredielen wurdt *kwab* brûkt foar de (sé)kwal, dy't op 't Amelân *kwalster* en op 't Skiermountseach *tjûensterpankúek* (tsjoensterpankoek) neamd wurdt. Of it moat wêze dat de forklearring (sé)kwal hjir minder krekt is, hwant Botke jowt yn Fen Fryslâns groun (Snits 1942²) op s. 157 foar *kwabbe* de Latynske namme *Echiurus Pallasii* Guerin dy't slacht op in soarte wjirmen, net op kwallen. De namme *kwabbe* as fariant fan *kwab* foar *kwabiel* of *ielkwab* is net oerlevere. Der is dus alles foar om de lêste trije nammen to hâlden foar de *lota lota* en *pûdiel* of *pûtiel* foar de *zoarces viviparus*.

Teake Hoekema.